

[0201]

5. *Heil bod*

Yn O III 11.4 is praet fan `*Heil bod ... huys*' as nêstlizzer yn de sin: `dat wetter foer Jans doer opt west fan *Heil bod ... huys* ende opt aesta syda fan da stena syll wtgaende schaen wys oen *Heille schura*'. Op it plak fan de trije stippen kin hwat stien ha, mar it is net perfoarst nedich: `*bod*' stiet oan 'e ein fan de rigel yn it hânskrift en dy rânne is frijhwat poatterich; neffens de foto dy't wy der fan ha, is der sûnt Sipma syn tiden fan de úteinen fan de rigels noch wol it ien en oar weiwurden. Sipma printe *Heil* en *Heille* mei haedletter yn de tekst: yndied, it is in namme. Mar hy naem *Heil* of *Heile* net yn it nammeregister op; is er letter fan bitinken faeks foroare, dat it by neijer ynsjen dochs gjin namme wie? Der is hjir praet fan in `*huys*' en fan in `*schura*' dy't beide fan *Heil(e)* binne. Yn it earste gefal kin in weiwurden *s* efter *bod* de genityf oanjown ha, yn it twadde gefal - de tafoeging *bod* by de namme ûntbrekt dêr - wie dat net mûglik en waerd dy twadde fal oanjown mei in swakke bûging fan *Heil* ta *Heille*. It is hjirmei dúdlik, dat *bod* net by *huys* heart, mar by de namme *Heil*, en in tafoeging, in by- of skelnamme of faeks in biropsnamme (boade?) is. De Snitser Recesboeken helpe ús folslein út 'e dream. De persoansnamme *Heile* (skreaun *Heijla*, *Heyla*, *Heylen*) *Bōd* (*Boed* en *Boeds* skreaun) komt dêr yn 7 nûmers 8 kear foar: yn de earste fal 2 kear as *heyla boed* (nû's 548.1 en 791.1), yn de twadde fal 2 kear as *heyla boeds* (nû's 1623.1 en 1686.1), yn de tredde fal 3 kear, ienris as *heyla boeds* (nû. 212.2), ienris as *heyla boed* (nû. 492.6) en dan noch ris bûgd ta *heylen* (nû. 1470.3). Yn de fjirde fal komt op 't lêst noch *heijla boed* (nû. 1470.1) foar. Wy fine ek noch in *Wiba Bōd*: Sn. Recesb. 1022.1 hat `*van wiba boeds* claegh' en 4346.3 hat `*om dat fechtlic toe wyba boeds*'. Dat *Heil(e)* in frommiske west hawwe moat, kin oannimlik makke wurde út nû. 548, dêr't hja mei 7 oare froulju, nammentlik `Jw Scinties, Meynw Alberts, Katryn maester Barents, Aeff Luyes, (dan folget Heyla Boed), Nel Harmen Kenws Butta wyff, Ym Claes kupers en Frouka Henricks' in manspersoan, neamd Hottya Sycka zin, in wan bruijen jowt. Yn nû. 1470.3 wurdt `*daeve Hisse*' yn 'e boete slein om't hja ús Heiltsje bûten Snits of bûtenlâns foar 't rjocht dage hat en om't hja Heiltsje mei "fors" (gewelt) in koer parren ûntfytmanne hat en har boppedat ôfseame.

Dit mei genôch wêze om sjen to litten, dat wy *Heil bod ... huys* yn O III 11.4 skriuwe moatte as *Heil Bod(s) huys* en de namme *Heil Bod* yn alle gefallen yn it nammeregister bringe moatte.

M. Oosterhout.